

Wy sykje memmetaalsprekkers

Wolsto helpe by it Frysk yn de ûnderbou?



ALLE BERN PROFITEARJE LITTE FAN IN MEARTALICH OANBOD?

Op de basisskoalle is it Frysk is in ferplicht fak. En boppedat is it learen fan in (oare) taal leuk en learsum! Spitigernôch is it net foar alle bern fanselsprekkend dat sy it Frysk op harren skoalle hearre. Somsiden om't de groepslearkrêft it Frysk (noch) net goed behearsket of har ûnwis fielt yn de taal. En somsiden snijt it Frysk wat ûnder, bygelyks yn in klasse dy't foar it grutste part bestiet út fan hûs út net-Frysktalige bern en it Nederlânsk de fiertaal is.

Dochs wolle wy alle bern – nettsjinsteande harren taaleftergrûn - profitearje litte fan in meartalich oanbod. Dêrom binne wy op syk nei memmetaalsprekkers!

WAT BINNE MEMMETAALSPREKKERS EN WAT DOGGE SE?

In memmetaalsprekker praat Frysk. En komt wykliks – as frijwilliger - in (dei)skoft yn de klasse. Meastal yn de ûnderbou, by de beukers. Net as ferfanging fan it fak Frysk, mar om it Frysk op in natuerlike wize yn de klasse te bringen. In memmetaalsprekker jout dêr mei de Fryske taal letterlik in gesicht!

In memmetaalsprekker docht leuke spultsjes, lêst foar, leart ferskes oan of slút oan by de aktiviteiten fan de learkrêft. Mar: altyd konsekwint yn it Frysk! Dat jout dúdlikens en hâldfêst. Beukers binne tige taalgefoelich en leare yntuïtyf. Ek bern dy't fan hûs út net Frysktalich binne, sille it Frysk leare te begripen en pikke sa boartsjendewei de twadde taal op!

WÊR WURDE MEMMETAALSPREKKERS YNSETTEN?

Memmetaalsprekkers wurde ynsetten yn de ûnderbou fan basis-skoallen dêr't net safolle bern it Frysk fan hûs út mei krije. Tink oan skoallen yn stêden en gruttere wenplakken as Snits, Boalsert, Ljouwert, It Hearrenfean en Drachten.

MENTALE GJIMMESTYK

Resint ûndersyk lit sjen dat in meartalige ûntwikkeling foardielen hat:

“Een deel van de onderzoeken laat zien dat meertalige kinderen inderdaad cognitieve voordelen hebben: ze kunnen beter hun aandacht vasthouden en afleiding negeren”, zegt Elma Blom, hoogleraar Taalontwikkeling en meertaligheid in gezin en onderwijs. “Ze moeten steeds opletten met wie ze welke taal spreken, vervolgens één taal kiezen en de ander onderdrukken.”

In soart fan mentale gjimmestyk, dus!

SPREKT IT MEMMETAALWURK DY OAN?

Wurkest graach mei jonge bern, praatst maklik Frysk (ek yn in foar it grutste part Nederlânsktalige omjouwing) en hast boppedat (struktureel) wykliks in deiskoft oer? Dan is it memmetaalsprekken wat foar dy! Stjoer ús kontaktpersoan in mail mei dyn gegevens. Wy nimme dan kontakt op, kinne fierdere ynformaasje jaan en de mooglikheden beprate. Sjoch foar it e-mailkontaktdres op de efterkant fan dizze brosjure.



WAT BIEDE WY?

Yn opdracht fan de Provinsje drage it SFB0 kennisintrum meartaligens jonge bern yn Ljouwert en it Cedin yn Drachten soarch foar dit projekt. Sy:

- bringe de memmetaalsprekker mei in skoalle yn kontakt
- hâlde de finger oan de pols, biede begelieding op maat en evaluearje de gong fan saken
- soargje geregeldwei foar ynspiraasje, lesideeën en materiaal
- lizze foar elke memmetaalsprekker ôfspraken fêst yn in frijwilligerskontrakt
- betelje oan elke memmetaalsprekker in frijwilligersfergoeding
- soargje foar in ekstra WA-fersekering
- dogge foar elke frijwilliger in oanfraach foar in (ferplichte) VOG en betelje dizze

Tegearre mei de memmetaalsprekkers stribje SFB0 kennisintrum meartaligens jonge bern en Cedin nei in struktureel natuerlik Frysktalich oanbod yn de ûnderbou. Foar elk bern boartsjendewei in taal derby!



Belangstelling of mear witte? Nim kontakt op mei:

Marike Elsinga

elsingamarike@gmail.com